

In echte Fries komt net foar de rjochter

Oer de fitaliteit fan it Frysk



16 novimber 1951, Kneppelfreed

Johannes Beers
s0632813

Ljouwert, 10 juny 2011

1. Ynlieding

De Fryske taal libbet noch lang en gelokkich

“The language has undergone considerable changes since the time of Japicx. The Dutch is gradually making inroads on it, and in a few generations will probably overwhelm it”.
John Bowring, 1829

Wa't nei Omrop Fryslân harket, wit dat it yn it hjoeddeiske Frysk optilt fan minsken dy't Nederlânske haadwurden brûke, tiidwurden bryk bûge en tiidwurds kloften oan 'e ein fan in sin yn in 'Hollânske' folchoarder pleatse. Guon taalkundigen prate oer 'ynterferinsje-Frysk', as wie it in dialektyske fariant fan it Frysk. Jonkman en Versloot geane der noch in stapke fierder yn en wolle it net iens Frysk neame: it hjoeddeiske Frysk mei in soad Hollânske ynfloed neame hja 'Frollânsk' (Jonkman & Versloot, 2008)

Dêr foar oer kin men wize op it grutte tal ûndergongsfoarsizzingen dat it Frysk troch de iuwen hinne hân hat (Breuker, 1983), lykas boppesteand sitaat fan John Bowring. Is it feit dat it Frysk der noch hieltyd is, nettsjinsteande alle soksoarte pessimistyske ferwachtings, net it bêste bewiis fan de fitaliteit fan 'e taal? Lokkigernôch binne der neist mieningen, ek noch sifers oer it gebrûk fan it Frysk, sa't dy bygelyks presintearre binne yn de Taalatlas fan Fryslân (2007). It is faaks de wichtichste konklúzje fan dizze Taalatlas dat 64% fan de ynwenners fan Fryslân seit Frysk te praten.

It is in feit dat it Frysk in soad terrein ferlern hat. Letterlik. West-Fryslân (yn hjoeddeistige Noard-Hollân), East-Fryslân (yn Dútslân) en de Ommelannen (it tsjintwurdige Grins) hawwe it Frysk ferfongen. It Frysk wurdt no allinnich noch brûkt yn it Dútske Noard-Fryslân (sa'n tsientûzen minsken prate sa'n tsien taalfarianten yn it waadgebiet yn Sleswich-Holstein, ynklusyf Helgolân), Sealterlân (Sealterfrysk, troch sa'n twatûzen minsken yn trije doarpkes súdlik fan Lear) en fansels yn de provinsje Fryslân. It (Westerlauwersk) Frysk is mei sa'n 400 tûzen sprekkers de grutste fan alle Fryske taalfarianten. Oer it Frysk yn de provinsje Fryslân giet dit essay.

It Frysk hat yn Fryslân lykwols ek in soad terrein ferlern. Figuerlik terrein, om't it nei de midsieuwen har plak as taal foar it bestjoer, rjochtspraak en administraasje ôfstean moast oan it Nederlânsk dat brûkt waard troch de Saksyske en letter de Habsburgse bestjoerders en amtners. Letterlik terrein wie ferlern yn de stêden dêr't mingfoarmen fan Hollânske dialekten mei it Frysk yn de 16e ieu it plak fan it Frysk oernamen (Van Bree, 2008).

It Frysk wie sa fan de 16e ieu ôf de taal fan de boeren en hie in lege status. It soe duorje oant de ein fan de 18e en begjin fan de 19e ieu, ear't de oandacht foar dit 'Boersk' ynteresse krije soe fan notabele wittenskippers as Professor Wassenbergh en Joast Halbertsma. De Fryske Beweging slagge der benammen nei de Twadde Wrâldoarloch yn it Frysk in plak te jaan yn in ferskaat oan maatskiplike domeinen as it ûnderwiis (ferplichte fan 1980 ôf), de rjochtspraak (ôftwongen nei Kneppelfreed yn 1951) en súbsydzjes om taal en kultuer te stypjen.

Sa soe dit essay hjir as in mearke einige kinne: de Fryske taal libbe noch lang en gelokkich. De fraach is lykwols oft dizze konklúzje terjochte is, of dat it Frollânsk in nije oansizzing ynhâldt fan it útstjerren fan 'e taal. Mei oare wurden: **hoe fitaal is de Fryske taal?**

2. Oer de teory fan taalfitaliteit Libbenskrêft en dynamyk

*“As immen de næt mey yn ‘t fyld toa forschyn kaam,
dy dit wer as ien twâde Gysbert ondernaam
Om uwz Forâdders spraak wer libbendig toa meytzen,
om næt stilswyend yn ‘t forjyettelbuwk toa reytsen”.*
Simon Althuysen, 1755

In model om fitaliteit beoardielje te kinnen, komt fan Giles, Bourhis and Taylor en is beskreaun yn harren wurk *Towards a theory of language in ethnic group relations* (Giles, Bourhis & Taylor, 1977). Yn har model binne net allinnich sifers, mar ek de hâlding fan de sprekkers (foar net-sprekkers oer) wichtich. Hja sjogge nei trije faktoaren: status, demografyske gegevens en stipe fan ynstitúsjies. Ik sil dizze faktoaren koart by lâns rinne.

Net yn alle gefallen haw ik feiten en sifers ta myn foldwaan hân. Ik haw besocht mei foarbylden út it deistich libben, somtiden gebrûk meitsjend fan eigen ûnderfining, in idee jaan te kinnen fan wat der spilet by dizze faktoaren.

2.1 Status

2.1.1 Ekonomyske status

It Frysk hat al ieuwen gjin status mear as taal foar ekonomy en hannel. Yn de ynliding haw ik al skreaun dat it Frysk ieuwenlang de taal fan ‘e boeren west hat. Sa gau as it ekonomyske swiertepunt ferskude fan de boeren nei de hannel, fan it plattelân nei de stêden, giene de hannelslju dêr oer op it Hollânsk (Van Bree & Versloot, 2008).

De ekonomyske ûntjouwring fan Fryslân nei de Twadde Wrâldoarloch lit in ôfhinklikens sjen fan lanlike bedriuwen dy’t wol filialen, mar hjir gjin haadfestiging hiene. It bêste foarbyld is it skearapparatefabryk fan Philips yn Drachten. It leechbetelle wurk wie konjunktuergefoelich en waard ôfstjitten yn tiden fan ekonomyske delgong (Frieswijk, 1998).

2.1.2 Sosjale status

Sifers oer de sosjale status fan Friezen binne der net. In aardich stikje tekst fûn ik op Bol.com by it boekje *‘Dat zijn nou typisch Friezen’* fan Eric Hoekstra: “Het provinciaal nationalisme van de Friezen is zo'n beetje omgekeerd evenredig aan hun bijdrage aan de Nederlandse economie. De Friezen beschouwen zichzelf als eerlijk, oprecht en volkomen betrouwbaar en Friesland als 'it bêste lân fan 'e ierde'¹. In de rest van Nederland genieten de Friezen een wat dubbelzinnige reputatie. Aan de ene kant worden ze gezien als eigenwijze boeren die iedereen hun rare taaltje en gewoonten willen opleggen. Aan de andere kant worden ze gerespecteerd om het vuur waarmee ze blijven vasthouden aan hun eigen identiteit.”

It stikje tekst is fansels iroanysk en útdaagjend bedoeld, mar is gjin ûnsin. Al mei al skat ik yn dat de status dy’t Friezen hawwe bûten de provinsje net heech is en dat Friezen har dêr sels ek fan bewust binne.

¹ Spellingsflaters binne út ‘e tekst oernommen

2.1.3 Sosjo-histoaryske status

Dizze lege status soe ek wolris te krijen hawwe kinne mei sosjo-histoaryske faktoaren. Noch altyd kinne Friezen op de mear sjauvinistyske mominten roppe dat men allinnich foar god knibbelet en de Slach by Warns betinke, feit is dat de romrofte Fryske Frijheid al ieuwen ferlyn ferlern is en it swiertepunt wat bestjoer, ekonomy en media yn Hollân (cq. de Rânestêd) leit. Fryslân is yn Nederlân in perifeare regio dy't op soksoarte fan domeinen efterop rekke is (Breuker & Janse, red. 1997).

2.1.4 Status fan it Frysk

Men soe sizze kinne dat de fraach hoe't Friezen oer it Frysk sels tinke, in yndikaasje fan de status fan it Frysk is. De Taalatlas 2007 jout der net echt ynsjoch yn, mar yn earder ûndersyk (Gorter & Jonkman, 1995) is der wat wiidweidiger frege nei de hâlding fan Friezen foar de taal oer. Der like doe gjin ûndúdlikens te wêzen oer de fraach oft it Frysk in echte taal is: 'ja', sei 86% en al fûn men net dat dit ek betsjut dat elkenien yn Fryslân dy taal ek goed behearskje moat, wol soe 89% it spitich fine as it Frysk ferdwine soe.

2.2 Demografyske ûntjouwings yn Fryslân

Demografyske gegevens kinne neffens Giles et al ek in soad sizze oer de fitaliteit fan in taal. Dizze twadde faktor wurdt ûnderskieden yn acht fragen oer de demografyske ûntjouwing fan in taalgebiet.

2.2.1 Thúslân

De earste fraach is nei in thúslân fan de taal. Yn it gefal fan it Frysk leit it taalgebiet yn ien provinsje, yn ien lân en dat is wichtich, om't de taal sa net ôfhinklik is fan de stipe fan mear as ien oerheid.

2.2.2 Konsintraasje fan Fryksprekkers

As men nei it kaartemateriaal yn de Taalatlas 2007 sjocht, is te sjen dat de gemeenten dêr't it Frysk it measte brûkt wurdt, yn in brede bân fan Noardeast nei Súdwest Fryslân lizze. Frysktaligen wenje konsintrearre en net fersnipperre, wat geunstich is foar it taalgebrûk.

2.2.3 en 2.2.4 Tal Fryksprekker en ferhâlding ta oarstaligen


De Taalatlas lit sjen dat 64% fan 'e Friezen oanjout Frysk prate te kinnen. Mei 410 tûzen Fryksprekkers yn in provinsje mei 642 tûzen ynwenners, is der yn Fryslân in mearderheid, mar as men it ôfset tsjin de 16 miljoen Nederlânsktaligen is it dúdlik in minderheidstaal.

Sjoen de ynfloed fan it Nederlânsk op it Frysk, tink ik dat it wichtich is de ferhâlding op Nederlânske skeal te sjen.

2.2.5, 2.2.6 en 2.2.7 Berte- en migraasjesifers

In goed oersjoch fan de migraasje yn Fryslân is yn ûndersteande grafyk te sjen.

Grafyk 1. Yn- en bûtenlânske migraasje yn Fryslân 1972 - no



Boarne: www.fryslan.nl

Fansels is dit net in oersjoch fan emigraasjesifers fan Frysk- en oarstaligen. Net elkenien dy't fuortgiet, praat Frysk en der sille ek Frysktaligen om utens wêze, dy't nei Fryslân werom komme. Dochs kin wol sein wurde dat as alle jierren - yn grutte halen - sa'n 15 tûzen minsken út Fryslân fuortgeane en der komme ek sa'n 15 tûzen minsken út oare parten fan Nederlân en it bûtenlân by, dat dit yn alle gefallen net in geunstich effekt hat op it tal minsken dat Frysk praat.

Alle jierren wurde sa'n sântûzen poppen berne en dy sille net allegear Frysk praten leare. Ynteressant foar de fitaliteit fan it Frysk, soe it wêze kinne de gefolgen te ûndersykjen fan de krimp dêr't de provinsje mei te krijen hat.

2.2.8 Demografy: sprektal mei partner

Neffens de Taalatlas 2007 praat 44% fan de Friezen Frysk mei de partner. It totaalsifer fan Frysktaligen yn Fryslân is lykwols 20% heger. Dat betsjut dat in tredde part fan de Frysktaligen in relaasje hat mei ien dy't in oare memmetaal hat en besletten hat om de taal fan de partner te brûken (Friese Taalatlas, 2007).

2.3 Ynstitusjonele stipe fan foar it Frysk

De stipe fan Cedín foar skoallen, de kursussen en útjouwery fan de Afûk en it ûndersyk fan de Fryske Akademy, lit sjen dat der in ferskaat oan ynstitúsje aktyf is foar de Fryske taal. De yntitúsjonele stipe - de tredde faktor fan it fitaliteitsmodel fan Giles et al - docht ek bliken út de stipe foar it Frysk fan 'e Ryks-, provinsje en gemeentlike oerheid. Sa hat minister Donner begjin 2011 in nije taalwet oankundige om it Frysk te befoarderjen, fiert de provinsje in aktyf taalbelied en jouwe gemeenten Frysktalich andert op Frysktalige fragen yn brieven en e-mails.

Oare foarmen fan stipe fan de oerheid foar it Frysk binne súbsydzjes foar keunst en kultuer, de stipe foar de Fryske Akademy en guon gemeenten dy't in beliedsplan foar it Frysk hawwe.

Ditsoarte faktoaren binne lykwols hast net te mjitten. Wol kin sein wurde dat - benammen sûnt de Twadde Wrâldoarloch - alle war dien is om it gebrûk yn in ferskaat oan domeinen te fuortsterkjen. Ferneamd is de striid dy't op Kneppelfreed (letterlik) fierd is om it Frysk yn 'e rjochtsseal brûke te kinnen.

In aardich foarbyld fan stipe foar it Frysk is it ferfiersbedriuw Arriva dat de ferkeapautomaten foar de OV-Chipkaart op fersyk fan 'e Provinsje ek yn it Frysk beskikber makke hat. Earder al is it omroppen fan stopplakken fan 'e treinen fan Arriva yn ferskillende plakken (De Westereen, Hurdegaryp) twatalich wurden.

In domein dêr't goed te sjen is hoefolle stipe der organisearre wurdt foar it Frysk, is it ûnderwiis. Net allinnich om't it mei wet- en regeljouwing ferplichte wurden is in fêstlein tal oeren oan it Frysk te besteegjen yn 'e basisfoarming en it fuortset ûnderwiis, mar ek om't ynstânsjes as it Taalsintrum Frysk/Cedin en Afûk in grut ferskaat oan lesmateriaal produsearre hawwe, fan Studio F en Freemwurk, ta Digitaal Faklokaal en Linkk en folle net genôch.

3. Oer de fitaliteit fan it Frysk yn 'e praktyk Dat ferklearje en ûnthjit ik

*“Vele woorden en uitdrukkingen zijn er, die thans onder ons nog leven en bloeien,
maar die weldra door onze monden niet meer zullen worden gesproken,
en die onze kleinkinderen nooit ter ooren zullen komen”.*
Johan winkler, 1868

It like my aardich en doch yn it ramt fan dit wurkstik in lytse stekproef nei it gebrûk fan it Frysk yn trije maatskiplike domeinen. Ik haw sjoen nei it iepenbier bestjoer (gemeenterie), it ûnderwiis en de rjochtspraak.

3.1 Frysk yn 'e gemeenterie

As it wichtich is dat in taal minderheid himsels yn offisjele organen fertsjintwurdige fynt (Giles, Bourhis & Taylor, 1977; 317), is it aardich en nim de proef op de som. De griffys² fan alle gemeenterieden yn Fryslân binne oanskreaun en frege hoefolle leden ornaris Frysk brûke yn 'e gemeenteriedsgearkomste. Alle gemeenten hawwe in andert stjoerd en dêrmei is in kompleet byld te jaan fan it gebrûk fan it Frysk yn it heechste orgaan fan dizze bestjoerslaach.

Yn Fryslân binne neffens opjefte fan 'e griffys 509 gemeenteriedsleden. Om't de Waadeilannen yn 'e Taalatlas 2007 net meinommen binne, sil ik hja hjir ek net meirekkenje om in ferlyk mooglik te meitsjen³. De gemeenten it Bildt, Ooststellingwerf en Weststellingwerf haw ik om deselde reden wol meirekkene. Alhoewol't hja (foar it grutste part) bûten it Fryske taalggebiet lizze, binne hja wol yn it ûndersyk foar de Taalatlas 2007 meinommen.

Fan de 469 (meirekkene) gemeenteriedsleden prate 215 Frysk.

Opfallend is dat der in grut ferskil is tusken it persintaazje minsken yn Fryslân dat neffens de Taalatlas 2007 seit Frysk te praten (64%) en it persintaazje riedsleden dat Frysk brûkt (46%). De fraach is wat hjir de oarsaak fan is. It kin wêze dat de ynfloed fan it Nederlânsk yn wet- en regeljouwing de riedsleden ta it Nederlânsk 'twingt'. Of soe it dochs in kwestje fan status wêze kinne: it Frysk past foar guon net by de funksje fan folksfertsjintwurdiger?

3.2 Frysk yn it ûnderwiis

Taal en ûnderwiis binne mei inoar ferbûn. Prate leare bern thús, lêzen en skriuwe op skoalle. Foar in etno-linguistyske groep is ûnderwiis dêrom fan grut belang (Giles, 1977). Om sjen te kinnen nei it plak fan it Frysk yn it ûnderwiis, is in eigen ûndersyksfraach net nedich: de Inspekteur van het Onderwijs hat yn 2006 en 2010 ûndersyk publisearre nei de kwaliteit fan it Frysk ûnderwiis.

It earste rapport (Reezigt, Osinga & Oudeboon, 2006; 79) sprekt fan in grut part fan 'e learlingen en leararen dat op skoalle - yn ynformele sitewaasjes - Frysk praat. In wichtich kniepunt is neffens de ynspeksje in gebrek oan differinsjaasje. Oars sein: learlingen dy't fan hûs út al Frysk prate, krije oer it generaal deselde lessen as learlingen dy't foar it earst mei it Frysk yn 'e kunde komme.

² De griffy stipet de gemeenterie yn har wurk en fungearret as in skeakel tusken kolleezje fan Boargemaster en Wethâlders en de riedsleden.

³ Fan de fjirtich riedsleden op 'e Waadeilannen, is der gjin ien dy't it Frysk brûkt. Soe men har meirekkenje, komt it persintaazje Frysktalige riedsleden op 42%.

Yn 2010 lûkt de ynspeksje op 'e nij hurde konklúzjes. De ynspeksje seit letterlik dat men ek goede lessen Frysk bywenne hat, "mar dy foarmje te folle de útsûndering op de regel". Of der wol genôch draachflak is foar it Frysk, doart de ynspeksje sels net te sizzen, mar fan de direksjes fan skoallen is der net ien optimistysk.

Der wurdt yn ferhâlding net folle tiid bestege oan it fak Frysk en dêrom is it de fraach oft yn dy beheinde tiid alle keardoelen Frysk foldwaande oan bod komme kinne. Sa komt de ynspeksje ta de konstataarring dat "it belied en de kultuer yn in soad skoallen ûnfoldwaande stypjend is om fan it Frysk ek wier wat te meitsjen" (Inspectie Onderwijs, 2010; 55).

3.3 Frysk yn 'e rjochtsseal

Op it lêste plak haw ik sjoen nei it gebrûk fan it Frysk yn 'e rjochtssealen fan Fryslân. Hjoed de dei is it mooglik de rjochter yn it Frysk te wurd te stean. Soe dat problemen opleverje om't rjochters, offisieren of abbekaten it Frysk net ferstean kinne, dan bestiet de foarsjenning en freegje in tolk. Spitigernôch wurdt net byholden hoe faak it Frysk yn 'e rjochtsseal brûkt wurdt. De sifers dy't ik fan 'e rjochtbank yn Ljouwert krige haw, binne dan ek rûzings.

Yn 2006 is it tal Fryksprekkers in kear byholden. It wiene der om ende by hûndert. It tal kearen dat de tolk ynskeakele wurdt sil om ende by de twa kear yn 't jier wêze. Beide sifers soene neffens de rjochtbank al jierren net in soad feroarje.

It tal saken dat yn 2006 tsjinne hat is my net bekend, mar yn 2009 wiene it de mear as 64 tûzen. Men kin dan ek yn 2006 grif útgean fan tsientûzenen saken en dus net mear as hûndert Fryksprekkers.

Wat is it dan dat Friezen foar de rjochter oer net faker Frysk prate, wylst yn dizze mooglikheid yn wet- en regeljouwing wol foarsjoen is? Is it it gebrûk fan juridysk - en dus Nederlânsk - jargon? Binne minsken net genôch op 'e hichte fan de mooglikheden foar Frysk yn 'e rjochtsseal? Of is der in oare reden?

4. Konklúzjes

In echte Fries komt net foar de rjochter

*“...eerlange raakt onz’ grijze moeder-taal ten lande uyt,
en slijt ’er tijdden met de ouwde vryheyd in een eeuwige banlinckschap.
En de Friezen zullen in hunn’ eyge landen Vremdelingen zijn”.*
Simon Abbes Gabbema, 1681

Mei mear as 400 tûzen Frysksprekkers, is de taal libben en oanwêzich yn Fryslân, al hat it Frysk - ûnder ynfloed fan it Nederlânsk - in lege status. De ynfloed fan ‘emigraasje’ út Fryslân op it relative tal Frysksprekkers is net ûndersocht, mar liket net geunstich. Wol is der in soad ynstitúsjonele stipe foar it Frysk.

Wat de ynstitúsjonele stipe yn de praktyk opsmyt is net dúdlik, mar út in lytse stekproef op trije maatskiplike domeinen docht bliken, dat dit wolris ôffalle kinne soe. Noch net de helte fan ‘e riedsleden yn Fryslân brûkt it Frysk yn riedsgearkomsten. Skoallen hawwe kar út lesmateriaal, mar de ynspeksje is net tefreden oer de kwaliteit fan it fak. Friezen meie har memmetaal brûke yn de rjochtsseal, mar dogge soks mar komselden.

As it Frysk net yn de hegere maatskiplike domeinen werom te finen is, soe dat in oanwizing wêze kinne dat it Frysk benammen in taal foar it ynformele gebrûk is mei famylje, freonen en kollega’s. De ynfloed dy’t it Nederlânsk no al op it Frysk hat, sil nei alle gedachten net ferdwine en faaks allinnich mar grutter wurde.

Mei it ûngeunstige byld dat it fitaliteitsmodel fan Giles, Bourhis & Taylor foar it Frysk jout, mei ynbegryp fan boppesteande stekproefkes en de bliuwende ynfloed fan it Nederlânsk, mei men ferwachtsje dat it Frysk de ein fan dizze ieu net helje sil.

Literatuer

- Breuker, P. H. & Janse, A. (red.) (1997). *Negen eeuwen Friesland - Holland, geschiedenis van een haat-liefde verhouding*. Zutphen: Walburg Pers.
- Breuker, P. (1983). Undergongsfoarsizzingen oer it Frysk troch de ieuwen hinne. *Us Wurk*, 1 - 42.
- Frieswijk, J. H., Huizinga, J., Jansma, L. & Kuiper, Y. (1998). *Skiednis fan Fryslân 1750 - 1995*. Amsterdam / Meppel: Boom.
- Giles, H. B., Bourhis, R. H., & Taylor, D. M. (1977). *Towards a theory of language in ethnic group relations*. New York: Academic Press.
- Gorter, D. & Jonkman, R. (1995). *Taal yn Fryslân, op 'e nij besjoen*. Ljouwert: Fryske Akademy.
- Inspectie van het Onderwijs. (2010). *Tusken winsk en wurklikheid, de kwaliteit fan it fak Frysk yn it basisûnderwiis en it fuortset ûnderwiis yn Fryslân*. Utrecht: Inspectie van het Onderwijs.
- Jonkman, R. & Versloot, A. (2008). *Tusken talen, it ferhaal fan de Fryske taal*. Ljouwert: Utjouwerij Fryslân.
- Provinsje Fryslân. (2007). *De Fryske Taalatlas: Friese taal in beeld 2007*
- Reezigt, G. O., Osinga, A. & Oudenboon, J. (2006). *De kwaliteit van het vak Fries in het basisonderwijs en het voortgezet onderwijs in de provincie Fryslân*. Den Haag: Inspectie van het Onderwijs.
- Van Bree, C. & Versloot, A. (2008). *Oorsprongen van het Stadsfries*. Ljouwert: Afûk.

Taheakke

1. Fraach 'Frysk yn 'e gemeenterie'

"Foar myn stúdzje Fryske Taal en Kultuer oan 'e Ryksuniversiteit Grins, wurkje ik oan in essay oer de fitaliteit fan 'e Fryske taal. Dizze fitaliteit wurdt ûnder mear ôfmjitten oan it gebrûk yn de saneamde 'maatskiplike domeinen' as ûnderwiis, rjochtspraak en iepenbier bestjoer.

It giet te fier en doch in wiidweidich ûndersyk, dochts soe ik graach fan alle boppeneamde domeinen in foarbyld yn de argumintaasje opnimme wolle, dat faaks net represintatyf, mar wol oansprekkend is.

It liket my ta dat de griffy goed ynsjoch hat om de folgjende fragen te beäntwurdzjen:

1. hoefolle leden telt de ried yn jo gemeente?
2. hoefolle gemeenteriedsleden brûke it Frysk regelmjittich of altyd yn 'e kommisje- en riedsgearkomsten?

Regelmjittich betsjut yn dit gefal dat hja it net by gelegenheid brûke, bygelyks as it taalbelied op 'e wurklist stiet; jo meie dit wat my oanbelanget gefoelsmjittich dwaan: wa fine jo sels Frysktalich?

Op dizze wize hawwe jo mei it lêzen fan dizze mail al mear as de helte fan de tiid oan myn fraach bestege as nedich is. De oare helte is it beäntwurdzjen mei de twa sifers.

As jo it priis stelle, stjoer ik jo yn juny in e-mailberjocht mei it resultaat.

"Wij hebben hier elf raadsleden, en geen van allen spreekt hier Fries. In het verleden ook nimmer zo geweest, Ameland is een vreemde eend in de bijt in Fryslan, hier wordt geen Fries gesproken."

"Ik bin notulist by de rieds- en kommisjefergaderingen. Dejinge dy't Nederlânsk praat notulearje ik yn it Nederlânsk en praat immen Frysk dat skriu ik dat op yn it Frysk. Guon geane wolris wat hinne en wer. Mar fan de 23 riedsleden binne der sa'n 12 dy't Frysk prate yn de rieds/kommisjefergadering."

"De ried yn Tytsjerksteradiel bestiet út 23 riedsleden. Dêrfan brûke 15 foaral it Frysk."

"Gelukkig dat je ook een Nederlandstalige versie van je e-mail hebt bijgevoegd want anders had ik niet begrepen wat je vragen waren. Opmerkelijk dat ik met het verstaan van de Friese taal minder moeite heb dan met het lezen daarvan. Daar heb jij vast en zeker wel een verklaring voor maar dat terzijde.

De gemeenteraad van Vlieland is samengesteld uit 9 raadsleden. Van deze 9 raadsleden spreekt in het openbaar niemand in het Fries. Ik denk zelfs dat slechts 1 lid van de gemeenteraad het Fries machtig is.

"De raad van Menameradiel telt 15 leden. Daarvan spreken er 3 geen Fries. De overige raadsleden spreken in de meeste gevallen Fries, ook tijdens de raadsvergadering."

"Yn de ried fan de gemeente Hearrenfean sitte 27 minsken. Derfan prate 5 (hast) altyd Frysk en in stik as 4 dogge it sa no en dan, bygelyks as se reagearje op in Frysk betooch, mar dizze 4 prate dochts foaral Nederlânsk."

2. Fraach en andert 'Frysk yn 'e rjochtsseal'

“Foar myn stúdzje Fryske Taal en Kultuer oan de Ryksuniversiteit fan Grins, wurkje ik oan in essay oer de fitaliteit fan it Frysk. Ien fan de skaaimerken fan taalfitaliteit is it gebrûk yn maatskiplike domeinen, bygelyks it ûnderwiis, iepenbier bestjoer en de rjochtspraak.

Ik soe yn myn essay graach fan al dizze domeinen in foarbyld opnimme wolle, dat faaks net metodologysk of represintatyf is, mar wol oansprekkend.

Dêrom wol ik jo freechje:

1. hoe faak minsken foar de rjochter fêsthâlde oan it gebrûk fan 'e Fryske taal (soe dit al byholden wurde);
2. hoe faak de Fryske tolk ynskeakele wurden is (byg. yn de lêste fiif jier).

Spitigernôch is it my net slagge dizze sifers op 't ynternet te finen, dêrfandinne dizze mail.

Soene jo der priis op stelle, dan stjoer ik jo yn juny in berjocht mei it resultaat.

“In antwoord op uw mail kan ik u als volgt berichten:

1. Er wordt niet geregistreerd hoe vaak er gebruik wordt gemaakt van de Friese taal; bij kantonzaken en strafzaken komt het wel beperkt voor; in 2006 is een globale telling gehouden en kwamen we op 100 gevallen. Onze inschatting is dat het aantal niet is toegenomen.
2. Ook hiervan is geen registratie; maar het zal om maximaal tweemaal per jaar gaan.

De rechtbank ontvangt graag uw resultaten.”